




By beppe útfanhûs

Mirjam van Houten – tekst en yllustraasjes | Afûk, 2021 |
ISBN 9789493159686 | hurd kaft, 24 siden | Leeftyd: 4+

YNHÂLD

Oer it boek	1
Gearfetting	1
Oer Mirjam van Houten	1
Prate oer it boek	2
Oan de slach mei it boek	3
TEKENJE	in Dadagedicht
DUNSJE EN SJONGE	in riedgedicht
PRATE	rûntepetear

Wurkblêden	4
------------	---

OER IT BOEK

De ûnwennigens fan Maaïke, de haadpersoan yn *By beppe útfanhûs*, sil by in protte bern werkenning fine. Elkenien ken it gefoel. It boek lient him hiel goed om foar te lêzen foar in groep, mar ek yndividueel. It nûget út ta petear oer útfanhúzje, oppas, beppes en ûnwennigens. Neist foarlêzen lient it ferhaal him ek om mei-inoar nei de detaillearre yllustraasjes te sjen, bygelyks troch se te scannen en op it digibord te toanen. De platen azemje smûkens en nostalgia út. Dy't goed sjocht, sjocht yn de yllustraasjes twa parallele ferhalen: de hûn, en de ôfwêzige pake dy't oanwêzich is troch bygelyks in foto oan de wand en in jas oan de kapstôk.

GEARFETTING

Mem moat fuort en Maaïke sil by beppe útfanhûs. Beppe fynt fan alles út. Se bakke koekjes, dogge fersideboartsje (*verstoppertje*) en nifelje. Mar wat letter it wurdt, wat mear

Maaïke har mem mist. Beppe wit ried, mar no kin beppe sels net mear sliepe... Hoe losse sy dat op?!

By beppe útfanhûs is bekroand mei de earste Diet Huberpriis, de priis foar it moaiste Fryske yllustrearre berne- of jongereinboek.

Sjoch foar de resinsje yn [Op en Ut](#).

Besjoch [hjiir](#) in filmke fan *Tjitsfloch* dêr't it boek yn foarlêzen wurdt.

OER MIRJAM VAN HOUTEN

Mirjam van Houten is skriuwer en yllustrator fan Fryske berneboeken. Sy wennet yn in âld hûs yn Beetstersweach, it doarp dêr't sy opgroeid is, dat sa út ien fan har boeken wei liket te kommen.

Neidat se klear wie mei it ateneum, studearre sy Nederlânsk en kommunikaasje oan de NHL yn Ljouwert. Dêrnei wurke sy as sjoernalist, tekstskriuwer en webredakteur. Yn 2010 holde sy dêrmei op, fan dat momint ôf rjochte sy har folslein op it skriuwen en yllustrearjen fan Fryske berneboeken. Sy is folslein autodidakt.

Sy debutearre yn 2016 mei *Tije*, in boek foar bern fan sân jier ôf. Dat boek waard yn 2018 foardroegen foar de IBBY Honour List, in ynternasjonale list mei berne- en jeugdboeken fan hege kwaliteit dy't om 'e twa jier publisearre wurdt. Yn 2020 waard *Tije* oerset nei it Fêreusk. Har boek *Jelle en juf* (2022) wûn yn 2025 de Simke Kloostermanpriis.

Yn 2025 kaam har boek *Anton yn it museum* út yn sawol it Frysk as it Nederlânsk. In tal fan de yllustraasjes binne yn 2024 eksposrearre yn Museum Belvédère yn Oranjewâld.



PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach ‘Wêr gong it boek oer?’ is faak net sa’n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte faak de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers.

Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012.

Yn de *Vertel eens*-oanpak komt it derop del dat de learlingen en learkrêft oan ’e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy’t net kloppen?).
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy’t hieltyd weromkomme yn it boek?).

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolommen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy’t faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy’t oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

TEKENJE - in koffer



Lês de learlingen it hiele boek foar. Of yn alle gefallen de earste twa bledsiden mei Maaike dy't har koffer ynpakt.

Fertel dan oan de learlingen:

- Maaike pakt fan alles en noch wat yn as sy ien nachtsje nei beppe giet te útfanhúzen. Wat nimsto mei asto útfanhûs giest?
- In knuffel, toskeboarstel, boekje, pyama? Wat noch mear? Tekenje it yn de koffer (sjoch **Wurkblêd 1**).
- Wêr silst hinne mei de koffer? By wa silst útfanhúze?
- Kinsto al skriuwe? Skriuw dan by de plaatsjes watst tekene hast.

SJONGE EN DUNSJE - *Bijke*



- Beukers fine lang stilsitte mar lestich. Hûntsjes ek! Yn it boek fan Mirjam spilet it hûntsje troch de yllustraasjes in eigen ferhaal yn it boek. Lit de learlingen wat plaatsjes sjen dêr't sy de hûn op sykje kinne. Eventueel litst dat sjen op it digiboerd, ast de yllustraasje scand hast.
 - Spylje dan it liet *Bijke* fan Hindrik van der Meer. Dat is te finen op [Spotify](#).
 - Spylje it in twadde kear, no meie alle bern kwispelje. Hoe? Dêr komme sy wol út.
 - Spylje it in tredde kear, no meie alle bern op fjouwer poaten rinne, lykas de hûn.
 - It liet is ek te finen op [YouTube](#).
- Lit it sjen oan de learlingen. Lit harren in dûnske neidwaan.

PRATE - *rûntepetear*



Prate oer de dea is net altyd like maklik. Al liket it somtiden foar lytse bern makliker as foar grutte bern of folwoeksenen. Yn it boek *By beppe útfanhûs* is de pake fan Maaike dea. Dat wurdt net sein of skreaun, mar wurdt dúdlik troch de yllustraasjes. Sykje foar de les earst sels de yllustraasjes dêr't spoaren fan pake op te sjen binne. Lit dan de learlingen sykje, wêr is pake? Wêrom soe der in foto fan him wêze? En in jas? Is pake der noch wol? Is hy dea? Wat is dat dan, dea? Wa fan jimme hat dêr wolris mei te krijen hân? Wie it in deade fûgel yn de tún? In hûsbist? In pake of beppe? Of oars? Lit se deroer fertelle.

WURKBLÊD 1

TEKENJE

Wat nimsto mei?

